



Keunstfotograaf Maartje Roos makke dlt omslach foar *De twa tuorren*, mei de tsjerke fan Tsjom en in bysûndere toer, gearstald út ferskate tsjerken.

Dêr't oare oersetters de pear sinen Angelsaksysk yn *The Lord of the Rings* yn de oarspronklike taal stean lieten, ferfong Liuwe Westra dy troch Aldfrysk. Hy hoegde der mar in pear wurden om te feroarjen. *De twa tuorren* is it earste Fryske literêre wurk dat mooglik is troch crowdfunding.

Sietse de Vries

In *de ban van de ring*, sa't de trilogy yn it Nederlânsk hjit, is net allinne de mem fan alle *fantasy*, it yn mear as fjirtich talen oersette wurk heart ek ta de bêst ferkochte boeken yn dat sjenre. De ferfilming fan Peter Jackson brocht begjin dizze iuw in nije generaasje, tritich jier nei de dea fan J.R.R. Tolkien yn 1973, yn 'e kunde mei de hobbits, elfen en tsojonders fan Midierde.

It earste diel fan *Master fan alle Ringen – It Selskip fan de Ring* – ferskynde fiif jier lyn by útjouwerij Frysk en Frij. Doe't Liuwe Westra de útjouwer twa jier letter belle mei de oankondiging dat er it twadde diel klear hie en dat it tiid waard om de útjefte fan *De twa tuorren* ta te rieden, krige er te hearren dat it net trochgje. Der wiene te min ferkocht fan it earste diel, it twadde diel soe te folle jild by moatte.

Westra: „Doe hie'k in probleem. Ast yn sa'n gefal by in oare útjou-

wer oankloppet, tinkt dy: 'Der is in reden dat er by dy earste útjouwer wei is.' En dat wie ek sa. Ik haw it wol besocht. By de ien moast ik 7000 euro bylizzje, de oar woe de dielen net ôfsûnderlik útjaan. Dy woe allinne mei my yn see gean as er de trije dielen yn ien bân út-bringe koe. Ik fûn dat ik dat net ferkeapje koe oan de minsken dy't it earste diel kocht hawwe.”

Westra – oant foar koart gemeentetûmny, no teologysk ûndersiker – hat mei in oantal minsken út it Frysk literêre wrâldsje praet en hat doe besluten om in stichting op te rjochtsjen en it boek yn eigen behear út te jaan. „Der kaam fan alles op my ôf. In útjouwer hat syn kontakten, mar ik moast op syk nei opmakkers, biners en printers, moast oeral offertes oanfreegje. It moaie dêrfan is datst mei hiel ferskillende minsken yn oanrekking komst en dat dy hieltyd wer nije ideeën oandrage.”

FRYSK HYNDER

Ien fan dy ideeën wie om keunstfotograaf Maartje Roos yn te skeakeljen om it boek te yllustrearjen. Ek wie der it idee om de oersetting te dramatysearjen en stikken derút

spylje te litten troch akteurs tsjin de eftergrûn fan grutte projektsjes fan Maartje har foto's. By eintsjebeslút is it bleaun by in stofomslach mei in ensenearre foto.

Dy foto is basearre op in sêne út *De twa tuorren*, dy't yn it lân Rohan spilet. De fiere greiden dêr roppe al gau assosjaasjes mei Fryslân op. Yn it boek ferpleatst de yn it wyt klaaide tsojonder Gandalf him op in wyt hynder oer greiden sûnder ein. Op fersyk fan Westra hat de fotografe dat byld nei Fryslân helle en der in yn it swart klaaide tsojonder op in Frysk hynder fan makke. „In grapke fan de oersetter”, ljochtet er ta.

Ek de beide tuorren hawwe in bân mei Fryslân. De iene is dy fan Tsjom, de oare is in fotomontazje mei eleminten fan de tsjerken yn Lollum, Furdgum en de Grutte Tsjerke yn Ljouwert.

CROWDFUNDING

De begutting waard ûntsiert troch in gat fan 7800 euro. Skriuwer Ate Grypstra, ien fan de bestjoersleden fan de nije stichting, brocht de oersetter op it idee fan crowdfunding. Westra: „Der binne genôch ynstellingen dy't mei crowdfunding jild ophelje foar startende ûndernimmers. Voordekunst.nl docht dat net foar ûndernimmers, mar foar kulturele produkten. Beteldest 120 euro, dan krijst in webside. Dêrop beskriuwt dyn produkt en leit út wat de minsken foar harren jild krije.”

Westra hat safolle wurk makke fan de aksje, dat it liket as skûlje in dûmny- en in keampmansiel by him yn ien boarst. It boek sels kostet aanst 39,90 euro, wa't 80 euro donearret krijt in lûks útfierd boek mei in dûbeld lêslint mei in ring, in ynprinte goudopdruk, in essay en in mei de hân skreaun kwatryn fan de oersetter. Noch 20 euro derby en de rynske jowwer krijt ek de blêdmuzyk derop ta fan de lieten dy't Feike van Tuinen foar it earste diel fan *Master fan alle Ringen* komponearre.

Wa't 250 euro jout krijt it boek mei in lambdaprint op basis fan de omslachfoto fan Maartje Roos op affysjeformaat. Foar 350 euro



Liuwe Westra (lofts), Ate Grypstra (op 'e stien) en Marten Waling fan de Stichting Fryske Tolkien, mei fotograaf Maartje Roos. FOTO MAARTJE ROOS

wurdt dat de lambdaprint mei lûkse edysje, essay en muzykútjefte. Wa't Tolkien, Westra en de Fryske literatuer in noch waarmer hert tadraacht krijt der foar 950 euro in gicleeprint fan Maartje Roos har foto by.

Westra stiet, as er de webside besjocht, sels te sjen fan de kreativiteit dêr't hy en it stichtingsbestjoer de ynsammelaksje mei op-túgd ha. Hy is de earste om it bysûndere fan de aksje te relativearjen. It is neffens him goed ferlykjen mei de koeken dêr't doarpferieningen mei sutedje om de klubkas te spekken. „It is itselde idee.”

Dat nimt net wei dat er sukses hat mei de aksje. Op de begutting stie in tekoart fan 7800 euro. De webside is der sûnt begjin septimber. De ôfrûne wiken hat er al mailend en pratend hast elkenien dy't er koe efter de broek sitten. En net sûnder resultaat. Begjin dizze wike stiet de aksje op voordekunst.nl al op 7024 euro, tasein troch 105 donateurs. De opsje fan 950 euro hie noch net ien op yn-skreaun, dy fan 350 euro telde ien namme, dy fan 250 euro twa. Fierwei de measten hawwe de lûkse edysje besteld of in jildbedrach

tasein oer de ferkeappriis hinne.

KROECHPRAAT

Foar *De twa tuorren* hat Liuwe Westra wer in pear jier lang in grut part fan syn frije tiid opoffere. Ek no hat er dêr wer in soad wille oan belibbe. „Tolkien is in fenomenaal goeie skriuwer mei in ymminse taalrykdom. Ik haw it gefoel dat er foar elk haadstik in oar taalregister iepenlûkt. Foar my is it in útdaging om te sjen hoe fier ik it Frysk útrekke kin om dy taalrykdom rjocht te dwaan.”

„Yn it earste diel komt in sêne fol kroechpraat fan de Hobbits foar, dat is de taal sa't ik dy fan Rink van der Velde ken. Yn diel twa sit de sêne mei de inten, de rinnende beammen. Dêr sit in hiel soad natoerbeskriuwing yn. Mar wat it measte opfalt is it tempo fan de taal. Dy beammen bewege stadich, alles giet tuike-tuike en dat betsjut langere sinnen en langere alinea's.

Behalve de taal is der ek it ferhaal dat Westra oansprekt. „En de manier wêrop't Tolkien de grutte tema's fan it libben oan 'e oarder stelt. De fragen fan goed en kwea, fan libben en dea, de fraach wat de bestimming fan de minske is. Dat

skimeret der altyd trochhinne.”

Dy fragen krije in plakje yn in ferhaal dat past yn de foarkristlike mytology fan Noard-West Europa. Tolkien wie heachlearaar Angelsaksysk yn Oxford, Westra giet derfan út dat er it midsiuwske epos *Beowulf* bykâns út de holle koe. Ek fan de noch âldere Iislânske *Edda* wie er grut kenner.

Westra: „Tolkien hat altyd wat jaloersk west op de Skandinaviërs, om't dy as iennichste yn Noardwest-Europa mytologyske ferhalen op skrift hiene út de foarkristlike tiid. Mei *The Lord of the Rings* hat er sels sa'n foarkristlike mytology skriuwe wollen, in *Edda* yn it Ingelsk.”

„Syn boeken wiene sa'n sukses om't se oanslute by de gefoelswrâld fan Noardwest-Europa. It giet altyd oer in held dy't derop útgiet, dy't tsjinslaggen oerwint, dy't oan ferliedingen bleatsteld wurdt en dy't oan de ein syn doel al of net berikt.”

KREKT AS ODYSSEUS

Westra: „It ferskil is neffens my dat de Grykse helden in yndividuele striid leverje. Wêrom belegerje de Griken Troje? Om't de Trojanen Helena ûntfierd ha. Yn de *Edda* giet it altyd om keningen dy't foar harren folk en ryk, foar in heger doel stride. Dat is yn *The Lord of the Rings* net oars.”

Yn de boeken fan Tolkien sprekke alle folken har eigen taal, dy't de skriuwer foar it gemak fan de lêzer yn it Ingelsk oerset. Foar de bewenners fan Rohan, it hynsteridend folk, hat Tolkien him ynspirearje litten troch de âlde Angelsaksen.

De taal fan dy Angelsaksen wie nau besibbe oan it Frysk. Westra. „It sjibolet fan Grutte Pier 'Bûter, brea en griene tsiis, wa't dat net sizze kin is gjin oprjochte Fries' giet werom op in âlder rymke: 'Bûter, brea en griene tsiis, is goed Ingelsk en goed Frysk'.”

Tolkien sitearret in pear koarte sinnen út de taal fan Rohan. „Dat is yn feite gewoan Angelsaksysk. Oare oersetters litte dat stean, ik haw dy sinnen oerset yn it Aldfrysk. Ik hoegde mar in pear wurden om te passen.”

“Yn de boeken fan Tolkien sprekke alle folken har eigen taal

Titel: *De Twa Tuorren*. Skriuwer: J.R.R. Tolkien. Oersetting: Liuwe Westra. Priis 39,90 euro (Omfang 416 s.). De presintaasje is 11 novimber yn de eardere grifformearde tsjerke fan Lollum, de Greidhoekekatedraal. Alle stipers wurde dêrfoar útnûge.